

KRYPTOGRAM 179a

Horizontaal:

6 Wie de sjah der ek in leafhawwer fan? (4); 8 Yntegerder stifter (10); 9 Arriva dy't de molke ophelle (7); 10 Túnker of bankwurker (7); 12 Hy leit graach mei syn faam yn'e greiden (10); 15 Lurf (4); 16 Skriuwwizen (15); 18 Reservemeubel (4); 19 Muzyknoarmen (10); 22 Dêr't de alfa-baviaan it eartsop yt (7); 24 Binne it moaist om te berikken (7); 25 Yn dy hoeke geane se net oer de reade (10); 26 De poep hie in hekel oan meanen (4).


Fertikaal:

1 Dy flaaikert hellel syn tonge oer de skeane baan mei swietichheid (12); 2 Hurd lûd fan in fêstlizzende skipper (10); 3 Girale smokerij (6); 4 Foarstelling fan Cats (4); 5 Muzikale hulde voor de Amerikaanse tenisspylster (8); 7 Om sa'n bytsje iten hawwe wy wille (5); 11 'Opsporing Verzocht' (12); 13 Kâlde drokte by twa útroppen (5); 14 Dy hâlde de Noaren der ûnder (10); 17 Eksplosyf smokersark fan autoriders (8); 20 Sa'n sky sit in soad belesting op (6); 21

Lompesjen (5); 23 In sniene bolle stiet by foksen sintraal (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 5 - 17 - 7 - 14 - 21 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 179a. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 179a. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **26 maaie** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-



Kryptogram 178a:

Plaknamme: **EANJUM**

Winner Boekebon:

D. Kooistra, Damwâld

LEEUWARDER COURANT

14-5-2022